

Mechtilde Postma & Goaitsen van der Vliet

De 13 fan Obbe Sjutsje

De singeliere histoarje fan de Postma's
fan De Tempel yn 'e Sânfurdterryp

De foto's op de beide skutblêden mei folk yn Blauhús binne om 1925 hinne makke. Op de foto foaryn stiet publyk yn ouwachting fan in Kindheidsoptocht fan de parochy Sinsmar. Linksoppe it wetter foar it âlde Theresiagesticht, en achter de beammen kafee Wybenga (no De Freonskip). Dêrfoar in rige brikken fan de gruttere boeren út de omkriten. It brede puntdak is fan bakkerij Popma. De foto achteryn is makke mei Blauhúster Merke. Yn de midden fan de rjochter side sitte Gatske en Gryt Postma mei donkere klean en huod-sjes op. Foar Gatske sit Rudolf mei in pet op en in strik foar. Nêst him, mei in wyt skelkje oan, sit de sân jier jongere Jantsje Leenstra. Ek Bonnie Postma moat der op stean, neffens de bijhearrende list.

De earste útjefte fan dit boek, mei Âlde Maaie 2022 troch Útjouwerij DeRyp, waard mooglik makke mei stipe fan Nederlands Letterenfonds, Provinsje Fryslân, Gemeente Súdwest-Fryslân, Douwe Kalma Stifting, Fûûns fwar it Frysk en Arjen Witteveen Fûns.

ISBN 978 90 71610 76 9
Dizze twadde, wat ferbettere útjefte ferskynde yn sept. 2022 bij De Oare útjouwerij, Het Sander 36, 7522 AM Enschede, 053 435 9229, dou@goaitsen.nl, websiden www.goaitsen.nl
Produksje: Bits & Books, Enschede
Mei leafde foarmjûnd troch Goaitsen van der Vliet op grûn fan stramyn en foarwurk fan Gerhard van Dragt
Printwurk: Boekengilde, Enschede

© 2022 Mechtilde Postma & Goaitsen van der Vliet
Berjochten oer de ynhâld nei de13@ziggo.nl

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige of iepenbier makke wurde sûnder skriftlik goedfinen yn 't foar fan de rjochthawwenden. De rjochten op it byldwurk berêste bij de oanbelangjende makkers en harren rjochtsopfolgers. Dy wienen net allegear te achterheljen. Wa't mient op ien of oare wize rjochten ûntliene te kinnen oan dizze publikaasje, wurdt frege him of har te oppenearjen.

De Oare útjouwerij
Eanske 2022

Hoe en wat

Ynlieding en ferantwurdig

5	<i>Hoe en wat</i>
9	<i>Foarou – Simmer 2015</i>
15	<i>Obbe – Boer op 'e bûthúsbank</i>
35	<i>Sjutsje – Een bitter leven</i>
45	<i>Sjoerd – Lang gjin feedokter</i>
53	<i>Tsjerkje – In baas tante</i>
59	<i>Harm – It is no sa</i>
73	<i>Yeb – De aarde is hurd</i>
77	<i>Bertus – Bisto dat?</i>
81	<i>Jappy – Lang gjin pryster</i>
89	<i>Gatske – De leave frede</i>
95	<i>Rudolf – Mijnheer Ja-ja</i>
103	<i>Gryt – Nergens thús</i>
115	<i>Súske – De soarchster</i>
121	<i>Dreke – Tripketree</i>
131	<i>Bonne – De Caramba!</i>
147	<i>Obe – De grote kleine zwijger</i>
157	<i>De iene nei de oare</i>
163	<i>De gekkeboel fan 'e oarloch</i>
167	<i>Wêr komt it wei?</i>
173	<i>Thús op 'e Tempel</i>
179	<i>It Rypster roomske libben</i>
187	<i>Liza – Alles mit God</i>
191	<i>Achterou – Simmer 2021</i>
	Taheakken
193	<i>Meiwurkers</i>
195	<i>Plakken en bewenners</i>
196	<i>Nammeregister</i>

Dit is in boek oer gewoane minsken. Dat wol sizze, nèt oer minsken dy't in rol fan betsjutting spile ha yn breder ferbân as de eigen famylje en de neiste omkriten. Behalve twa neikommelingen, in pear doazen mei papieren, wat guod en in dofke jild, ha se net folle neilitten. Àt se al de krante hellen, dan wie it mei advertinsjes, ûngelokken en pleatselike prizen foar hynsteriden, beestekeuringen, keatsen en damjen. Want útblinkers sieten der wis wol bij. Der gean noch wol ferhalen om, yn doarp en gea, mar dy stjerre stadichoan út mei de minsken dy't se fertelle kinne. Dy ferhalen lige der net om. Ferhalen oer in grutte roomske boerefamylje op ien fan de fierste achterouplakken fan Fryslân, oan 'e ein fan de kilometerslange, dearinnende dyk fan Blauhús troch Greonterp en de Sânfurdterryp. Doe't Obbe Postma en Sjutsje Ydema dêr yn 1916 mei de húshâlding delstrutsen op de pleats dy't ek no noch De Tempel hjit, seagen se in moaie takomst yn 'e mjitte. 35 jier letter sieten seis fan de acht soannen yn in ynrjochting. En dat wie noch net alles wat se foar de kiezen kriegen. Ek Sjutsje wie de trie geregeld kwyt, en kaam dêrtroch jong te ferstjerren. Net lang dêrnei brânde Blomkamp ou, harren twadde pleats op Âldekleaster bij Hartwert. Mooglike opfolgers ûnder de bernsbarn hellen it net. En sa fierder.

Wat him dêr allegear ouspile hat, kinne wij ús safolle jierren letter in foarstelling fan meitsje, mar mear ek net. Wij moatte it dwaan mei de bewarre bleaune geskriften en de oantinkens fan minsken dy't ien en oar fan tichtbij of fan hearren sizzen meimakke ha.

Nei in *Foarou* krije alle fyftjin haadrolspilers in eigen haadstik, op 'e rige ou fan âld nei jong. Dy stikken bestean elk út twa dielen: earst de eigen oantinkens fan Tilly (Mechtilde) as ien fan de beide bernsbarn fan Obbe en Sjutsje, twads in op letter ûndersyk basearre biografy fan feiten en ferhalen. It earste stik oer *pater familias* Obbe Sjoerds Postma is wat langer, omdat dêryn yn grutte halen ek de famyljehistoarje oan syn dea yn 1961 ta tekene wurdt.

Nei it stik oer 'lytse' Obe, Obbe syn jongste en langstlibjende, komme de haadstikken dy't wat fierder yngean op ferskillende moaie en minder moaie kanten fan it ferhaal en it roomske boerelibben yn harren tiid. Ek hjiryn ûnderskiede Tilly har persoanlike oantinkens har fan de op letter ûndersyk basearre stikken troch in oare foarmjouwing. Ien en oar wurdt ousluten mei in *Achterou*.

It brûkte Frysk is net oeral itselde. Om in bytsje oan te sluten bij de taal fan 'e Sânfurdterryp wike wij faak ou fan it Standerdfrysk en skriuwe hjir *wij* en *ou*, en net *wy* en *ôf*. Dêrom ek stiet it *Teatskehûs* bij ús yn *Blauhûs*, krekt sa't it noch altyd seind wurdt yn it doarp, en brûke we net de offisjeel opleine nammen *Teatskehûs* en *Blauhûs*.¹ Foaral de fertellers litte we, yn skeanprint, graach prate sa't wij it heard ha. Deiwurk ha we dêr net fan makke, dat like betrouber en konsekwint fan taal sil it oeral net wêze.²

Sûnder de goedwillige meiwurking fan in hele protte minsken hie dit boek der noait komme kinnen. De measten dêrfan stean yn de taheakke *Meiwurkers*. Dêrbij binne ek de 36 fertellers dy't yn de tekst neamd wurde. Oft harren ferhalen allegear like wier as moai binne, is min te sizzen. Wij ha wol besocht sa folle mooglik nei te plúzjen, mar it is lang lyn allegear. Korreksjes en oanfolgings yn de foarm fan ferhalen, foto's en papieren binne altyd wolkom.

Wij hoopje dat dit boek mei in soad niget, of *niichhyd* sa't âld-Rypsters sizze, lêzen wurde mei.

Mechtilde Postma
Goaitsen van der Vliet

¹ *Hûs* wurdt úsprutsen as *huus*, *hûs* as *hoes* mei in lange *oe*.

² No't we 't toch oer de taal ha: de titel *De 13 fan Obbe Sjutsje* is net allinnich in ferwizing nei *De tsien fan Martens Afke* (fan Nynke fan Hichtum) en in ûngeloksgetal, der sit ek in âld stikje Frysk taaleigen yn, sa't we dat noch bij ferskillende âld-Rypsters hearden: *Obbe Sjutsje* stiet foar *Sjutsje*, de frou fan Obbe. Sa ek *Teake Geeske*, *Piter Liskje* en *Marten Afke*. Oarsom kin ek: *Gatske Johannes* is Johannes Ydema, de man fan Gatske Landman.

³ It earste motto op de oare side is in rigel út it gedicht *Sânfurdterryp* (1904) fan Johannes Joh. Rypma (1880-1948).

It twadde motto is in rigel fan Jan Tjittes Piebenga (1910-1965) út de dichtbondel *Ik haw myn dreamen hawn en fragen* (1965) fan Gerben Joh. Rypma (1878-1963).

It tredde motto is in rigel út it gedicht *Wj, âld-Blauhûsters* (1975) fan Sytse Schoffelmeer (1911-1976). In kranteknipsel hjirfan siet bij de papieren fan Harm Postma.

Jim sitte dêr fergetten fan 'e wrâld mei elkoar
Johannes Joh. Rypma 1904³

Wêrom soe de Sânfurdterryp
net it midpunt fan de wrâld wêze kinne?
Jan Tjittes Piebenga 1965

Dêr't it paad nei Greonterp en De Ryp
him dearint yn de miede
Sytse Jitses Schoffelmeer 1975